

**Taspraak kommissaris fan de Kening drs. A.A.M. Brok, yn Ljouwert
op 26 augustus 2019 by de ynstallaasje fan boargemaster Sybrand
Buma yn de Grutte Tsjerke yn Ljouwert**

Eksellinsje, Buma, frou Buma, bern, âld-boargemaster Buma, famylje,
boargemasters Apotheker en Dales.

Frou de presidint fan de rjochtbank, leden fan de gemeenteried,
kolleezje, ynwenners fan dizze gemeente, lju fan kwisekwânsje...

En fansels boargemaster Crone, dy't ik tankje wol foar syn
waarnimmerskip...

Wolkom!

Buma, jo binne hikke en tein yn Warkum.

((in het Snekers!)) *“En opgroeid in Sneek.”*

No is der altyd in striid tusken de earste en de twadde stêd.

Foar alle Snitsers is Ljouwert *“it klompehok feur de hel.”*

En, *“it moaiste fan Liwwarden is de trein terug naar Sneek.”*

Dochs steane jo hjir hjoed.

“Wy binne hjir net samar yn in stêd. Wy binne hjir yn Ljouwert.”

Dy rigel is in lytse fariant fan de útsmiter fan de hear Buma yn in petear dat okkerdeis yn it blêd Binnenlands Bestuur stie.

It joech oan wêrom't jo as polityk lieder fan in regearingsfraksje tuskentoch de Twadde Keamer ferruilje woene foar it boargemasterskip. Ljouwert, de stêd dêr't jo in soad mei hawwe, kaam no beskikber.

Jo ferbining mei Fryslân en Ljouwert is dúdlik.

Yn Binnenlands Bestuur stie ek dat de taspraak fan de kommissaris fan de Kening hjir hjoed yn it Frysk wêze soe.

Dat wie jo ferwachting. Dat komt út.

Net omdat jo it wolle.

Net omdat it moat.

Wól omdat it heart!

Ús taal is de drager fan ús identiteit en kultuer.

En respekt foar oaren begjint mei it respekt foar de eigen kultuer.

It Frysk is de dominante taal yn Fryslân.

Dêrnjonken hawwe wy it Stêdsfrysk yn Ljouwert.

((in het Liwwadders))

“20.000 Liwwadders spreke Liwwadders, nhou!!”

Overigens... voor diegenen die het Fries niet helemaal machtig zijn, bij de uitgang ligt een Nederlandse versie.

Fan sjauffeur Rietveld sille jo grif leare:

“It hat skudden-wudden-mutten juh!”

En fan riedslid Ekhart *“dy’t altyd naar Cambuur gaat”*:

“Kent skele juh! As it haar maar goed sit, dyn skoenen mar poetst binne, en dyn moeke mar fan die houdt!”

En dat bringt my by jo mem...

Ik nim dy frijheid want jo mem, jo *moeke*, is koartlyn ferstoarn.

Op in moaie dei as dizze, misse jo har grif.

Ik neam har namme mei respekt omdat sy mear wie as *'de frou fan.'*

Jo mem hat op lettere leeftiid noch in MO-B stúdzje dien oer it stêdsfrysk.

En dêrnei noch in doktoraal eksamen yn it Frysk behelle.

Mei in skripsje oer de brûkberens fan Aldfryske oarkondeboeken foar oare as taalkundige doelen.

Jo mem wie frou fan de boargemaster doe't in gemeente der noch twa foar de priis fan ien krije koe... dat leit no oars.

Frou Buma... ik winskje jo in eigen takomst ta yn Fryslân.

Jo moatte jo baan yn De Haach loslitte om de ambysjes fan jo man. Ik hoopje dat der meikoarten ek foar jo in moaie nije útdaging komme sil.

Mar ek dat wy jo yn ús mienskip moetsje sille.

Ljouwert is de haadstêd fan Fryslân, ea begûn op twa terpen en it buorskip De Hoek.

Ast oer de terpen rinst dan kinst de stêd fiele.

Njonken Ljouwert binne der noch 35 kearnen yn de gemeente.

Ynhâldlik en wat it oerflak oanbelanget is Ljouwert in grutte gemeente wurden.

De boargemaster fan Ljouwert is ek mear as bestjoerder fan allinnich dizze gemeente.

Hy is foarsitter fan de Veiligheidsregio. En dat freget mear as in dei yn'e wike.

Mar lykas alle boargemasters fan Fryslân en de Dykgraaf, is hy bestjoerder fan Fryslân.

Ien kear yn 'e seis wike komme Provinsje, Wetterskip, de Feriening fan Fryske Gemeenten en de boargemaster fan Ljouwert byinoar om oer strategyske saken fan Fryslân te praten.

Om grinsûntkennend (paadsljochtsjend) te wurkjen.

Dat jildt ek foar de Noardelike gearwurking yn SNN-ferbân en mei de buorprovinsjes Noard-Hollân, Flevolân en Oerissel.

Omdat wy mienskiplik mei alle kolleezjes en rieden in ferantwurdlikheid foar 650.000 ynwenners hawwe.

In goede gearwurking fan de boargemaster fan de haadstêd mei de kommissaris fan de Kening is ek fan grut belang.

Dy gearwurking hat der de ôfrûne pear jier mei Crone west en set ik graach mei jo troch.

Buma...de ôfrûne moannen – mar ek dêrfoar – hawwe wy al meikrigen hokker histoarje jo famylje mei dizze stêd hat en mei it boargemasterskip.

Jo komme op it plak dêr't jo âldfaar twa iuwen lyn as boargemaster siet.

Net alle famyljeleden wiene bestjoerder.

Jo âldomke Gerlacus Buma wie yn deselde tiid militêr.

Earst twongen yn it leger fan Napoleon.

Dêrnei frijwillich ûnder Kening Willem I.

Jo hawwe der in boek oer skreaun.

Hy stried foar oan mei by de Slach by Waterloo en seach dêr in wier slachfjild. Dat boek haw ik koartlyn fan jo krigen by in besite oan it hôf fan jo famylje yn Weidum.

Jo pake wie ek boargemaster, earst fan Starum, dêrnei fan Wymbritseradiel.

Hy wie dat ek yn oarlochstiid.

Syn lot is bekend.

Hy bliuw yn de Twadde Wrâldoarloch trou oan de Keninginne.

De Dútsers hellen him fan hûs yn Ysbrechtum.

Yn Neuengamme is hy ferstoarn.

Op it provinsjehûs hinget in plakette as oantinken.

Yn de Twadde Keamer kamen jo syn namme tsjin op de 'erelijst van gevallen'.

It is in skiednis dy't faak werom komt, ek no't jo boargemaster binne en no't we oan it begjin steane fan in jier fol aktiviteiten oer 75 jier frijheid.

Wy kinne der in soad fan leare, ek hoe't jo famylje nei de oarloch hannele.

Jo beppe naam in Dútsk famke yn 'e hûs.

Sy wie in flechtling en neffens jo beppe ék in slachtoffer fan de oarloch.

Jo heit wie boargemaster fan Warkum en dêrnei fan Snits.

By syn ôfskie yn 1993 wie hy de langstsittende boargemaster fan Fryslân yn itselde plak. Hy hie ek graach boargemaster fan Ljouwert west.

Mar dat siet der doe foar in CDA'er net yn, wie syn oertsjûging.

26 jier letter witte wy dat it no oars is.

Jo binne fan hjoed ôf de earste 'CDA-boargemaster' fan dizze gemeente.

Al is de kleur fan de partij net beskiedend.

Want in boargemaster stiet boppe de partijen, en as it goed is tusken de minsken.

In komplimint oan de betrouwenskommisje foar de wize fan wurkjen.

It wie foar my en myn kabinetssjef in noflike gearwurking.

Jo hawwe yn it episintrum fan de nasjonale polityk sitten.

Dêr't alles wat jo seine polityk wie.

In boargemasterskip freget oare feardichheden.

Sterker noch; net alle boargemasters út it parlemint binne yn it lokaal iepenbier bestjoer in sukses...

It giet yn jo nije amt minder oer de aktualiteit,
En net oer "hoe kom ik moarn yn'e krante?"

Ljouwert socht net in partijpolitike Bokito boppe-op de aperots, dy't sels skoare wol.

Mear ien yn it besit fan "bestjoerlike maizena."

Dy't ynvestearje wol yn it tiim fan it kolleezje, en dy't gunt.

Ik tink dat it sukses fan jo boargemasterskip ôfhinklik is fan oft jo der yn slagje sille jo partijpolitike profyl los te litten...

Jo binne net langer in CDA-maskotte, jo binne der no foar elkenien.

Jo moatte stean yn de mienskip fan de Wielenpôle en Skieringen.

Yn de mienskip fan in komplete stêd mei hieltyd mear selsbetrouwen...

In haadstêd fan ien fan de 12 provinsjes, mar dêrnjonken mei

Amsterdam en Rotterdam in kulturele haadstêd, ferbûn mei 60 regio's yn

Europa, dy't lykweardich binne, dêr't ek taalpluriformiteit is. Lykas

Bretagne, Skotlân, Wales, Baskenlân...

Europa is net allinnich fan de lidsteaten, mar ek fan de regio's.

Dát makket ek dat Ljouwert bysûnder is, njonken de oare 11

provinsjehaadstêden. Ljouwert hat yn en bûten Nederlân in fin mear as in bears.

- In haadstêd fan in fitale provinsje dy't hjir fan betsjutting is en it ferskil meitsje kin. Mei in sterk midden en lytsbedriuw. Lanlik yn de top trije fan MKB-regio's mei de sterkste banegroei +4,2%.

- Mei in wittenskiplik wetterynstituút en mei in breed HBO én mei universitêr ûnderwiis.

- Mei in grut kluster fan ynnovaasje; de Dairy Campus en de Energij Campus

- Mei in ynternasjonaal kulturele ynfastruktuer én in Ryksmuseum

Dit alles yn de grutste provinsje fan Nederlân, mei ynwennersgroei!

En in stêd mei in earedivisyweardige fuotbalklup. Mei dito oanhang!

...of net Ekhart?

Boargemaster...

Jo geane oan it wurk yn ien fan de moaiste amten dat der is.

Ûndersyk hat blike litten dat boargemasters en rjochters boppe-oan steane as it giet om minsken mei gesach. Parlemintariërs steane ûnderoan de list.

Wat dat oanbelanget geane jo der op foarút...

It docht my goed dat fan de lêste tsien kroanbeneamings sûnt 28 febrewaris 2017, dit de achtste is fan in 'Fries' of in 'Fries-om-utens'. Minsken yn it iepenbier bestjoer komme werom of wolle hjir graach yn Fryslân bliuwe.

Dat hat te krijen mei it amt, mar ek mei de kwaliteit fan it libben yn ús provinsje.

Dy kwaliteit leit heech yn Fryslân. En dat makket neffens ûndersyk dat Friezen de lokkichste minsken fan Nederlân binne.

Achte Buma,

Jo kinne mei bouwe oan it Ljouwert en it Fryslân fan hjoed, fan 2028 en fan fierder...

Mei it bedriuwslibben, it ûnderwiis, de sterke agraryske sektor, mei studinten... mei elkenien dy't passy hat foar dizze stêd.

Wit dat jo wolkom binne, en dat jo stipe krije sille fan in soad minsken.

Út persoanlik perspektyf wei winskje ik jo ek de stipe fan God ta. Dat syn seine rêste mei op jo amt en jo húshâlding, op dizze gemeente en op Fryslân.